Ynverdearre tiidwurdkloften yn it Ynterferinsje-frysk

Henk Wolf

SUMMARY - *In this article I will claim that the IPP effect and inversion in the verbal complex are two distinct processes. As a result, bilingual Frisian children can adopt the Dutch inversion rule into the Frisian language separately. As a consequence of Williams' Right Hand Head Rule, the participial morphology cannot percolate to a verb in leftmost position. This causes the standard morphology device to assign a feature σ to this verb. This so-called σPP effect differs from the IPP effect in that it does not only allow infinitives but all morphologically unmarked verbal forms to fill the position of the higher verb. In the case of Frisian, these include some past participles. In this way Frisian is provided with a new sentence type that does not occur in Dutch.*

1 Ynlieding

Lykas yn 'e oare Germaanske SOV-talen, komme yn it Frysk ek tiidwurdrigen oan 'e ein fan 'e sin foar. Dy rigen ferskille frijwat yn 'e ûnderskate talen. Yn dit stikje besprek ik in feroaring yn 'e Fryske einrige. Ik basearje my dêrby op gegevens fan Jehannes Ytsma en mysels út fjildûndersiken, holden yn 1990, 1994 en 1995.[1]

De tiidwurdlike einrige yn it Hollânsk ferskilt yn twa belangrike aspekten fan dy yn it Frysk. Dat wurdt dúdlik at we sjogge nei de ferskillen tusken (1) en (2)

(1) a Ik ha juf rinnen sjoen
b *Ik ha juf sjoen rinnen
c *Ik ha juf rinnen sjen
d *Ik ha juf sjen rinnen

[1] In diel fan de útkomsten wurdt beskreaun yn Ytsma (1995) en Wolf (1995).

(2) a *Ik heb juf lopen gezien
b *Ik heb juf gezien lopen
c *Ik heb juf lopen zien
d Ik heb juf zien lopen

At wy útgeane fan in fêste komplemint-haadfolchoarder foar it Frysk en it Hollânsk, dan jouwe (1a) en (2a) de folchoarder, sa't dy op D-struktuer generearre wurdt.[2] Yn it Hollânsk moat ferplichte ynverzje, neffens de basisfolchoarder, syn beslach krije. Dat is yn it Frysk net mooglik. Fierders ferskynt yn it Hollânsk, oars as yn it Frysk, altyd in ynfinityf yn it komplemint fan in helptiidwurd lykas *hebben*; it saneamde Infinitivus-Pro-Participio- of IPP-effekt.

Lykwols, ferplichte ynverzje komt ek wol foar wannear't der gjin IPP is, lykas yn (3).

(3) a Ik kan die vaas zien staan
b *Ik kan die vaas staan zien

Yn it Heechdútsk komt it IPP-ferskynsel ek foar. Dêr is ynverzje lykwols net mooglik, sa as (4) sjen lit.[3]

(4) a Ich habe sie kommen sehen
b *Ich habe sie sehen kommen
c *Ich habe sie kommen gesehen
d *Ich habe sie gesehen kommen

Ik nim oan dat yn alle hjirboppe neamde talen kloftfoarming plakfynt. Sjoch û.o. Evers (1975) en De Haan (1994).

IPP en in ynverzjeferplichting kinne dus apart fan inoar foarkomme. Ik gean der dêrom fan út dat IPP en de ynverzjeferplichting yn it Hollânsk twa ûnôfhinklike ferskynsels binne.[4] Fierders nim ik oan dat it IPP-effekt triggere wurdt troch taalspesifike eigenskippen, dêr't ik letter noch op werom komme sil.

---

[2] Ik folgje hjir dus net Kayne (1993) syn antysymmetryhypoteze, dy't in universele folchoarder haad-komplemint postulearret.

[3] In wiidweidiger besprek fan 'e mooglike tiidwurdrigen yn 'e oanhelle talen wurdt jûn yn Abraham (1994).

[4] Soks yn tsjinstelling ta bygelyks Van der Meer (1990). Hoeksema (1990) neamt foarbylden út it Middelnederlânsk dy't it idee stypje dat ynverzje en IPP twa aparte ferskynsels binne.

2 Ynterferinsjefrysk

Ut myn sample fan it Frysk fan 'e jongerein docht bliken dat de 'Hollânske konstruksje' yn guon gefallen letterlik yn it Frysk brûkt wurdt. Yn dat saneamde Ynterferinsjefrysk (tenei YF) komme sinnen foar fan it neikommende type:

(5) a (...) ik haw him noch noait in sigaar sjen roken[5]
b Ik ha juf yn de stêd sjen rinnen

De Haan (1994) nimt oan dat Frysktalige bern fan jongs ôf al sa folle mei it Hollânsk konfrontearre wurde en dat it Hollânsk sa folle op it Frysk liket, dat se har ynterne grammatika foar it Frysk mei op basis fan Hollânske data konstruearje. In oanwizing foar dat noch net útinoar hâlde kinnen fan 'e twa talen yn dy faze soe wêze dat der ek yn it Hollânsk dat se brûke "Fryske" konstruksjes foarkomme. Yn Wolf (1995) gean ik dêr neier op yn. Foarearst nim ik oan dat De Haan syn claim krekt is, ek om't der gjin oannimlike alternativen foarhannen binne. Sjoch foar in besprek De Haan (1994).

De Haan syn oannimming ymplisearret dat de grammatika fan dy bern likegoed de konstruksje yn (5) as dy yn (1a) tastiet.[6] De Haan (1994) komt dêr mei it neikommende útstel foar[7] (de struktuer is in bytsje oanpast, mar it prinsipe bliuwt gelyk):

(6) a



---

[5] Yn guon gefallen giet it djipste tiidwurd út op -@. Mei dat ferskil haw ik hjir net rekkene.

[6] De risseltaten fan it fjildûndersyk stypje dat. Soks yn tsjinstelling ta Breuker (1984), dy't oannimt dat sprekkers fan it YF de konstruksjes yn (1a) net behearskje. Sjoch fierders Wolf (1995).

[7] Dat útstel giet werom op Den Dikken (1989).

b



(6a) jout de PF-struktuer fan (1a), (6b) dy fan (5b). De tiidwurden wurde formearre ta in komplekse V. Dy krijt fan it helptiidwurd *hawwe* de mulwurdsmorfology, hjir oantsjut mei it skaaimerk <+pp>. Yn De Haan syn foarbyld is de komplekse V de susterknoop fan it helptiidwurd *hawwe*. Yn de foarbylden dy't hjir jûn binne, makket it helptiidwurd *hawwe* gjin diel út fan 'e kloft, mei't it nei foaren ferpleatst wurdt (it V2-effekt). Ik beskôgje dat lykwols net as in probleem, om't it helptiidwurd foar dy ferpleatsing dochs diel útmakket fan 'e kloft en dêr in spoar benefterlit.

De Haan syn idee is dat it skaaimerk <+pp> neffens Williams' Right Hand Head Rule (RHHR) inkeld perkolearje kin nei de rjochter dochterknoop. Yn (6a) bart dat yndied. It komplemint *rinnen* krijt syn doelfoarmsmorfology fia it skaaimerk <+n> fan syn susterknoop *sjen*.

Yn it gefal fan (6b) kin it skaaimerk <+pp> net perkolearje nei it tiidwurd *sjen*, om't dat de lofter dochterknoop is. De rjochter dochterknoop *rinnen* krijt dêr ek wer it skaaimerk <+n> fan *sjen*. Dat presedearret boppe de takenning fan <+pp> neffens de RHHR. De Haan ornearret dat *sjen* dêrnei syn nammefoarmsmorfology krijt troch in soarte fan automatyske takenning fan in standert-morfologysk skaaimerk oan in net-markearre tiidwurdsfoarm. Hy nimt oan dat dat it skaaimerk fan 'e nammefoarm is.

Formeel soe dat der sa út sjen kinne:

(7) **Standert-morfologyske regel**: oan in tiidwurdsfoarm dy't gjin morfologysk skaaimerk krijt, wurdt it standert-skaaimerk σ takend

(8) **σ-foarm** (foarearst): it skaaimerk σ wurdt útstavere as in nammefoarm <+inf>

Lykwols, yn it datasample komme ek gauris sinnen foar lykas yn (9).

(9) a Ik ha juf yn de stêd sjoen rinnen
b Jan is te lang op bêd bleaun lizzen

Hjir ha wy de folchoarder mulwurd - doelfoarm, dus ynverzje sûnder IPP. Dy feiten binne net te ferklearjen op grûn fan (7) en (8). Men soe dan by ynverzje altyd in nammefoarm yn 'e lofter posysje ferwachtsje. De sinnen yn (9) stypje lykwols wol myn sizzen dat IPP en ynverzje twa ûnôfhinklike ferskynsels binne. Hjir komt ommers inkeld ynverzje foar en gjin IPP.

Yn it datasample steane noch oare sinnen dy't op it earste each syntaktysk lykfoarmich binne oan de sinnen yn (9). Lykwols, dêr't ynstee fan it tiidwurd *sjen* of *bliuwe* it tiidwurd *hearre* foarkaam, kamen allinne sinnen mei òf de Hollânske (IPP èn ynverzje), òf de Fryske konstruksje (noch IPP, noch ynverzje) foar. (10) jout dêr in pear foarbylden fan.

(10) a Dy sangeres haw ik dat ferske al faker sjongen heard
b Dy sangeres haw ik dat ferske al faker hearre sjongen

Yn (10a) ha wy de Fryske konstruksje. Yn (10b) is der IPP en ynverzje, lykas yn it Hollânsk. Wy soenen no op grûn fan (9) ek sinnen ferwachtsje, lykas yn (11).

(11) * Dy sangeres haw ik dat ferske al faker heard sjongen

Dy komme lykwols net foar. En dat wylst de sinnen yn (9) tige frekwint wienen.[8]

3 Ferklearrings foar it IPP-effekt

Lit ús no ris sjen nei de ferklearrings dy't jûn binne foar it IPP-ferskynsel. Ferklearrings dêr't de folchoarder yn 'e tiidwurdkloft in rolle yn spilet, sil ik op grûn fan 'e earder neamde ferskynsels en de data yn (9) bûten beskôging litte.

De meast akseptabele ferklearrings lykje my sokken dy't in ferbân lizze mei de morfology fan it mulwurd. Gauris wurdt dêrby wiisd op it foarkommen

[8] Fariearjend tusken 10% en 28%, ôfhinklik fan 'e sin. Yn 'e mûnlinge data waard yn 16% fan 'e sinnen dizze konstruksje brûkt, neffens 17% de 'Hollânske konstruksje' (mei ynverzje en IPP). Yn it skriftlik sammele materiaal is dat 23%, wylst de Hollânske konstruksje dêr mar yn 13% fan 'e gefallen foarkomt. By in fjildûndersyk ûnder legere-skoallebern karden alle respondinten sinnen as yn (11) ôf.

fan in foarheaksel *ge-* yn 'e talen dy't it oanbelanget. Ik wiis û.o. op Vanden Wyngaerd (1994) en Hoekstra (1994).

Ik nim dy morfologyske eask oer yn 'e neikommende foarm:

(12) **Morfologyske eask**: in foarheaksel yn in tiidwurdkloft mei net realisearre wurde by in tiidwurd dat in oar tiidwurd yn syn komplemint hat

Dy eask soe ferklearje wêrom't yn it Hollânsk it mulwurd net stean bliuwe kin yn in tiidwurdkloft, en yn it Frysk wol. Ommers, it Frysk hat net it *ge-* foarheaksel. Wy nimme oan dat dan de standert-morfologyske regel yn (7) yn it wurk komt.

Dat ferklearret lykwols net wêrom oft der yn it YF wol in IPP-effekt foarkomt. Hjirûnder sil ik besykje om dat te ferklearjen.

Lykas bekend, is ynverzje yn it Hollânsk ferplichte. At wy oannimme dat it Fryske bern op basis fan Hollânske data stipulearret dat ynverzje mooglik is, en op basis fan Fryske data dat it net ferplichte is, dan kinne wy ferklearje, wêrom't beide folchoarders yn it YF foarkomme. It bern basearret him by dy stipulaasje net allinne op sinnen mei IPP, mar ek op sinnen lykas (3), dêr't IPP gjin rolle yn spilet. Yn 'e neikommende paragraaf sil ik sjen litte dat dy oernimming fan ynverzje genôch is om de konstatearre feiten yn it YF taalyntern te ferklearjen mei in universeel prinsipe en de morfologyske eigenskippen fan ûnderskate Fryske tiidwurden.

4 Morfologyske markeardens

Yn syn besprek fan taalfeiten yn it Westfrysk neamt Hoekstra (1994) de mooglikheid dat Westfryske bern op basis fan Hollânske taaldata in non-overt foarheaksel postulearje op it mulwurd. Mooglik komt sa'n soarte fan postulaasje ek foar by Fryske bern. Oan sinnen as (1a) docht lykwols bliken dat se, as de morfologyske eask yn (12) universeel is, en dat nim ik hjir oan, gjin foarheaksel postulearje kinne. Ik stel it neikommende senario út.

Yn it Hollânsk komme ferskillende efterheaksels foar by mulwurden. Fierwei it meast gebrûklik, en ek it iennichste noch produktive efterheaksel is *-t/ -d*. Mooglik wurdt op basis fan it foarkommen fan dat selde efterheaksel yn it Frysk, in skaaimerk <+m> (morfologysk markearre) takend oan mulwurden lykas *heard*.

Sjoen en *bleaun* hawwe dat efterheaksel lykwols net. Dat, de bern hoege

it skaaimerk <+m> dêr net oan ta te kennen.[9]

Wykinne no (8) werformulearje ta (13).

(13) **σ-foarm:** it skaaimerk σ wurdt útstavere as in net morfologysk markearre tiidwurdsfoarm

De term IPP is dus net krekt. Krekter soe wêze Standertfoarm-foar-mulwurd of σPP. Dat effekt soe dan beskreaun wurde kinne mei (7) en (13), hjir yn folchoarder as (14a) en (14b).

(14) a **Standert-morfologyske regel:** oan in tiidwurdsfoarm dy't gjin morfologysk skaaimerk krijt, wurdt it standert-skaaimerk σ takend

b **σ-foarm:** it skaaimerk σ wurdt útstavere as in net morfologysk markearre tiidwurdsfoarm

Nammefoarmen, lykas *sjen*, *bliuwe* en *hearre*, mar ek de mulwurden *sjoen* en *bleaun* foldogge oan de σ-foarm.

We kinne no it ferskil yn grammatikaliteit ferklearje tusken (9) en (11). *Sjoen* yn (9a) kin net it skaaimerk <+pp> krije, as gefolch fan 'e RHHR. It is net morfologysk markearre, en foldocht dus oan 'e σ-foarm. Dêrom kin neist de nammefoarm *sjen*, ek de foarm *sjoen* útstavere wurde. It mulwurd *heard* is wol morfologysk markearre en foldocht dus net oan 'e σ-foarm. Neffens de standert-morfologyske regel is (11) dus net ôf te lieden.

Dat liedt ta de struktueren yn (16), fan, yn folchoarder, (1), (5b) en (9a), hjir nochris werhelle as (15a-c). (Inkeld it relevante part fan 'e konstruksje is werjûn).[10]

---

[9] Net alle bern brûke konstruksjes as *sjoen rinnen*. Der binne ek bern dy't ynverzje yn dit type kloft allinne tegearre mei IPP brûke. It is mooglik dat it bern konfrontearre wurdt mei *ambiguous facts*. Ommers, yn it Hollânsk komme foarmen as *sjoen* en *bleaun* net foar. De ynterpretaasje dêrfan stiet dus frij iepen. It bern soe dy foarmen der as mulwurden út kenne kinne en ken (faaks út it Hollânsk wei) op grûn dêrfan dochs in <+m>-markearring ta, dy't yn sa'n gefal ynferzje sûnder IPP útslút. Lykwols, oaren brûke wol de konstruksje mei inkeld ynverzje en net de konstruksje mei IPP. Dat moat noch neier ûndersocht wurde.

[10] Ik foarsis op grûn fan de redenaasje yn fuotnoat 9 dat de bern dy't (15b) goedkarre en (15c) net, oan it mulwurd *sjoen* de morfologyske markearring <+m> takenne. Op grûn fan (14b) kin *sjoen* dan net it skaaimerk <+σ> krije. Dêrtroch kin

(15) a Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen
b Ik ha juf yn de stêd sjen rinnen
c Ik ha juf yn de stêd sjoen rinnen

(16) a



b



c



(10b) kin ek mei in struktuer as yn (16b) beskreaun wurde. (16c) is dêrfoaroar, op grûn fan de boppesteande riddenearring, net gaadlik as representaasje fan (11).

Dialektysk komme ek de foarmen *sjoend* en *bleaund* foar. It leit yn 'e

---

(15c) net ôflaat wurde.

reden en nim oan dat dy wol it skaaimerk <+m> ha. Ik foarsis dan ek dat sinnen as yn (17) net foarkomme sille.

(17) a * Ik ha juf yn de stêd sjoend rinnen
b * Jan is te lang op bêd bleaund lizzen

Opfallend is dat dy einichste alveolaar by mulwurden in ferskynsel yn it opkommen liket te wêzen. Dat stipet myn idee dat de oanbelangjende lytse groep mulwurden morfologysk ûnmarkearre binne en dat it efterheaksel *-dl-t* yn it Frysk tsjinnet om se al morfologysk te markearjen. It liket my net ûnwierskynlik ta dat twatalige bern dy't wurden lykas *sjoen* en *bleaun* der as mulwurden útkenne, soksoarte wurden as morfologysk markearre analysearje. It efterheaksel *-d* is dan de fonologyske realisaasje fan dy markearring.

Unôfhinklike stipe foar it idee dat it lofter tiidwurd yn 'e kloft net morfologysk markearre wêze mei wurdt jûn troch Vanden Wyngaerd (1994), dy't de neikommende Flaamske konstruksje jout:

(18) Jan is weest voetballen

Yn it oanbelangjende Flaamske dialekt is gjin nammefoarm foarhannen by it mulwurd *geweest*.[11] Mulwurden wurde yn it Flaamsk altyd markearre mei it foarheaksel *ge-*. Yn it Flaamsk is der dus gjin reden en beskôgje de foarm *weest* as morfologysk markearre, dat dy foarm hat net it skaaimerk <+m>. Ynverzje is hjir ferplichte, dat de mooglikheid yn (18) bliuwt iepen.

5 Konklúzje

Myn konklúzje is dat Frysktalige bern de mooglikheid fan ynverzje út Hollânsk taaloanbod ôfliede by it foarmjen fan in ynterne grammatika. Ut de eigenskippen fan it Frysk sels, op grûn fan in algemien jildend meganisme, kin ferklearre wurde dat it Frysk soms IPP brûkt, of leaver sein σPP, in effekt dat him yn it Frysk net inkeld foardocht mei nammefoarmen, mar ek mei in pear ûnregelmjittige mulwurden.

---

[11] Sjoch foar in besprek Vanden Wyngaerd (1994).

Tankwurd

Ik soe graach de neikommende persoanen tankje wolle foar harren nuttich kommintaar: Durk Gorter, Reinhard Hahn, Jarich Hoekstra, Jehannes Ytsma, Eric Reuland, Durk Veenstra en Willem Visser.

Bibliografy

Abraham, W. (1994), 'Kaynes Asymmetriehypothese und die Abfolge im V-Komplex', yn: *Groninger Arbeiten zur Germanistischen Linguistik* nr. 37, Groningen: Rijksuniversiteit Groningen, s. 19-46.

Breuker, P. (1984), 'Oer it lienen fan bûne morfemen út it Hollânsk yn it Westerlauwerske Frysk', yn: N.R. Århammer e.o. (eds.), *Miscellanea Frisica; In nije bondel Fryske stúdzjes*, Assen: Van Gorcum, s. 219-229.

Dikken, M. den (1989), 'Verb Projection Raising en de analyse van het IPP-effect', yn: *TABU* 19-2, s. 59-75.

Evers, A. (1975), *The transformational cycle in Dutch and German*, diss. Rijksuniversiteit Utrecht.

Haan, G.J. de (1990), 'Grammatical borrowing and language change: the Dutchification of Frisian', yn: D. Gorter e.o. (eds.), *Fourth International Conference on Minority Languages*. Vol I: General Papers, Clevedon: Multilingual Matters, s. 101-118.

Haan, G.J. de (1992), 'The verbal complex in Frisian', yn: *Us Wurk* 41, s. 58-92.

Haan, G.J. de (1994), Inversion in the verbal complex of Dutchified Frisian, Grins: net publisearre paper.

Hoeksema, J. (1990), 'Partiële extrapositie van infinitiefcomplementen in het Middelnederlands', yn: *TABU* 20-3, s. 175-186.

Hoekstra, E. (1994), *Analysing linear asymmetries in the verb of Dutch and Frisian and their dialects*, Working papers in the syntax of West-Germanic dialects, Amsterdam: P.J. Meertens Instituut.

Hoekstra, J. (1990), 'Trijetiidwurdkonstruksjes', yn: *It Beaken* 52, s. 59-95.

Ytsma, J. (1995), *Frisian as first and second language; Sociolinguistic and socio-psychological aspects of the acquisition of Frisian among Frisian and*

Dutch primary school children, diss. KUB Tilburg, Ljouwert: Fryske Akademy.

Kayne, R.S. (1993), *The antisymmetry of syntax*, Ms., New York: City University of New York.

Meer, G. v.d. (1989), 'De Infinitivus Pro Participio: een nieuwe verklaring', yn: *TABU* 20-1, s. 29-48.

Tiersma, P.M. (1985), *Frisian reference grammar*, Dordrecht: Foris.

Tiersma, P.M. (1986), 'Language change in a bilingual community', paper presintearre op it Dutch Linguistics Colloquium, Berkeley: University of California.

Wyngaerd, G. vanden (1994), 'IPP and the structure of participles', yn: *Groninger Arbeiten zur Germanistischen Linguistik* nr. 37, Groningen: Rijksuniversiteit Groningen, s. 265-276.

Wolf, H. (1995), *Feroarings yn 'e Fryske tiidwurdlike einrige; in ûndersyk nei in tal resinte syntaktyske feroarings by Frysktalige jongerein*. Ms., Ljouwert: Fryske Akademy.

Zwart, J.-W. (1994), 'Verb clusters in continental West Germanic dialects', paper presintearre op 'e 18th Annual Meeting of the Atlantic Provinces Linguistic Association, 29-10-1994, St. John: University of Brunswick.